US WURK LIII (2004), p. 13

[0805] *KOAI, KOANJERT, KOAIT*. OER IN SKIFT NAMMEN FOAR IT TIPELHOUTSJE

Jarich Hoekstra

Summary

In this short article I consider a type of name for an attribute used in the Frisian popular game of tipeljen*:* koai*,* koanjert*,* koait*, etc. This denomination for the piece of wood that is hit away with the* tipel-*stick is basically found in the north-eastern part of the West Frisian language area. The etymology of this name type (ultimately related to Latin* cuneu(m) *'wedge') as well as the mutual relationship between the various word-forms are discussed in some detail.*

Yn in artikel yn it *Folkskundich Jierboek III* (1970) jout J.J. Kalma in wiidweidige beskriuwing fan it tipelspul.* Troch de wei fan in enkête hat er alderhanne aspekten fan it tipeljen befrege. Dêrby hat er ek fernommen nei de nammen dy't op 'e ûnderskate plakken brûkt wurde foar de wichtichste attributen by dat spul: de stôk en it houtsje dat mei dy stôk fuortslein wurdt. Foar beide binne in grut tal beneamingen yn 'e swang. Yn dit stik is it my te rêden om ien skift nammen foar it tipelhoutsje. Yn Kalma syn materiaal tekenje har njonken in stealtsje losse beneamingen dúdlik trije skiften nammen foar dat houtsje ôf: it *tipel*-skift, it *pinkert*-skift en it *koai*-skift. Foar de earste twa ferwiis ik nei Kalma syn artikel (s. 25), it tredde wol ik hjir nochris op it aljemint bringe.

De beneamingen fan it type *koai* fynt men gewoanwei benoardwesten de line Burgum-Feanwalden-Westergeast. Ik jou earst in oersjoch fan 'e ûnderskate farianten mei de plakken dêr't se foarkomme derby (foarsafier't ik dat út Kalma syn artikel gewaarwurde koe):

---

* Dit artikeltsje haw ik yn 1987 skreaun nei oanlieding fan myn wurk oan it WFT, dêr't ik yn it *k*-trajekt dizze nammen foar it tipelhoutsje tsjinkaam. Om't der neat wrâldferwegends yn stiet, hat it stik sûnttiid yn it laad lein. Mar om't it faaks ek wer te goed is om wei, wol ik it dan no dochs mar ris yn 't ljocht jaan. Ik tankje Willem Visser foar syn kommintaar op in eardere ferzje.

(1)	koai(ke)	
	koanjert	(De Westerein, sj. Sikkema & Sikkema 1954, 180)
	kwaint	(Ikkerwâld-Damwâld, De Geast)
	kweint	(Driezum, De Geast)
	kwin(t), kwyn(t)	(De Geast, fan *kwint* ek in opjefte út Harns)
	kweit	(Driezum, De Geast)
	koait	(Dearsum)
	koaitsje, koaits	(Nes (Dong.), Waaksens (Hinn.))

Dearsum en Waaksens (Hinn) falle bûten de normale isoglosse. It grutte tal farianten op ‘e Geast moat brocht wurde op ‘e wifeligens fan Kalma syn ynformant út dat plak.

Oan it listke yn (1) kinne noch in stikmannich opjeften út it WFT (11, s.v. *koait*; 12, s.v. *kwaint*) taheakke wurde. H.G. van der Veen hat it yn syn beskriuwing fan it tipeljen yn *Forjit my net* (1875, s. 186) oer “de quoaït (it prikkeëintsje dêr min mei tipelt)”. Yn syn *Fryske stikken* (1912) praat J.R. Kloosterman oer *koaiten* (s. 55) foar de houten baltsjes yn in telramt en neamt er it tipeljen *koaitdawerjen* (s. 130). Y. Poortinga jout foar de Geast *kwait/koait* op. En D.S. van Minnen skriuwt yn ‘e *Nieuwe Dokkumer Courant* fan 10-4-1980: “De tipel noemde men hier [yn Ikkerwâld, J.H.] de *koeint*”.

Kalma giet derfan út dat alle beneamingen yn (1) oaninoar besibbe binne. Dat hat alle eigenskip, mar Kalma seit net it measte oer hoe’t histoarysk-taalkundich de ferhâlding tusken ‘e ûnderskate foarmen is. Dat dêr woe ik yn dit stikje ris nei sjen.

Myn útstel foar de sibskipsrelaasjes tusken ‘e farianten yn (1) kin gearfette wurde yn ‘e ûndersteande stambeam:

(2)	*koanje	→	koai(ke)		
	↓				
	*koanjer (?)				
	↓	(↘)			
	koanjert		(kanjer)		
	↓				
	kwaint	→	koait/kwait, koaitsje	→	koaits
	↓				
	kwint, kwynt				
	kwint, kwyn				

Yn it neikommende sil ik de ôfliedingen yn (2) neier taljochtsje.

As ‘stamfaar’ haw ik de hypotetyske foarm **koanje* keazen. Wêrom oft ik dat doch, sil wol dúdlik wurde by it besprekken fan ‘e oerlevere beneamingen. Dat sa’n foarm yn it Frysk bestien ha kin, docht bygelyks bliken oan it Grinslânske wurd *koanje* foar in ferlykber soarte fan houtsje; Ter Laan (1952[2]) neamt dat wurd s.v. *koanjebred*:

(3) KOANJEBRED, o. = KOANJEMIKBRED (H1.) = gesteeld plankje, waarmee de jongens ‘T KOANJE of de KOANJEMIK wegsloegen bij ‘T KOANJEMIKKEN, ongeveer op de wijze van ‘t tiepeltjen. ‘T KOANJE was een aan weerszijden spits houtje.

Ten Doornkaat Koolman jout yn syn *Wörterbuch der ostfriesischen Sprache* (1882) in wurd *kunje* foar in kile en foar it houtsje dat brûkt waard by it saneamde *rösken* of *rös-kunje-spul* (ferlykje it Fryske raskertsjen, in spul dat besibbe is oan it tipeljen (Kalma 1970, 71-73):

(4) KUNJE, a) ein kleiner keil od. keilförmiger Holzkloben, womit man etwas feststeckt od. festlegt, wie z.B. die Fässer, dass sie nicht weiter rollen. (...) (b) ein doppelt-kugelförmiges od. nach beiden Seiten hin conisch zugespitztes Stückchen Holz, was die Knaben beim sog. rösken od. rös-kunje-spiel gebrauchen.

It WNT (VII, ii, 5059) ta beslút neamt s.v. *koin* “houten kile” ek in foarm *konje:*

(5) KOIN - KONJE -, znw., mv. -en, resp. -s. Uit eng. coin. Verouderde zeeterm. Houten keg of wig, met name dienende om onder tegen vaten en de wielen van affuiten te leggen om te beletten dat ze wegrollen, of om onder de kulas van een kanon te schuiven en dit aldus hoger of lager te richten.

Grinslânsk *koanje,* Eastfrysk *kunje* en Hollânsk *konje (koin)* geane foar it neist - sa’t it WNT ek al ha wol - tebek op Ingelsk *quoin, coign(e), coin.* De Ingelske foarmen komme oarspronklik fan it (Ald)Frânske *coin(g)* dat tebekgiet op Latynsk *cuneu(m)* ‘kile’.

Hoe ha de Fryske stjerkefoarm **koanje* en dy syn wjergaders yn ‘e trije niisneamde talen har no krekt út in foarm *koin* ûntjûn? Ten Doornkaat Koolman sjucht yn *kunje* in ferlytsingswurd, mar dat *-je* yn dizze wurden in diminutyfútgong is, is net botte wierskynlik. Ik soe earder tinke wolle oan in oergong [kɔin] > [kɔnj(ə)], in foech metatesis dus fan *-in* > *-nj(e).* In moai

foarbyld fan sa'n oergong is te finen yn Jelle van der Meulen syn roman *Inkelde reis Laplân* (1979, 66):

(6) Gonje, gonje! Hwat hie dy jonge agint in wille.

It útropwurd *gonje* [gɔⁿjə] yn *dy* oanhaal is sûnder mis ûntstien út [gɔin], in gearlutsen foarm fan *goaien* [gɔ.jən]. Itselde [gɔⁿjə] komt mei de skriuwwize <goinje> foar yn it berneboek *Strieën Tarzan* fan Ole Lund Kirkegaard (oerset fan Hessel de Walle, AFUK 1985, s. 62):

(7) Goinje, sei Iwan wylst er nei it âld wyfke seach mei de krie yn it hier.

Der binne ek foarbylden fan it 'omflappen' fan *-il* ta *-lj(e)*:

(8) fla(a)lje, fleilje < flaaiel, flei(e)l
raljes < [rails], de staveringsútspraak fan ing. *rails*

De [ɔ] fan *konje is* yn it Frysk en it Grinslânsk rutsen. Yn it Frysk is dy lange [ɔ:] fertwilûde ta [oə] en dêrnei brutsen ta [wa]. Yn it Eastfrysk is [ɔ] ta *u* [o] wurden.

It wurd *koai* [kwa:i] yn it Frysk, dat ek foar it tipelhoutsje brûkt wurdt en dêrnêst 'sabeare aai' betsjutte kin, giet grif allyksa by eintsjebeslút tebek op ing. *coin.* De fraach is lykwols hoe't it dêrfan ôflaat is en hoe't it yn 'e stambeam yn (2) bepast wurde kin. Joast Halbertsma nimt oan dat *koai* troch apokope út *koait* ûntstien is: "Koi *per apocopen pro* koit" (Halb., Lex. 876 (a. 1869)). Sa'n weifallen fan 'e einichste *t* leit lykwols net bot yn 'e reden. It Fryske *koai* soe ek in selsstannige ûntjouwing fan it Ingelske lienwurd *coin* wêze kinne. It soe dan neffens de foarm itselde wurd wêze kinne as it Hollânske *kooi (II)* yn it WNT (VII, ii, 5328):

(9) KOOI (II), znv., mv. -en. Uit eng. quoin. Het woord wordt vrijwel alleen in het meerv. gebruikt en is wellicht ook in het meervoud ontleend; eng. quoins zou *kooiens kunnen opleveren, waaruit later een enkelvoud kooi kan zijn afgeleid - Keg of wig waarmee de drukkers het zetsel vastzetten in het vormraam.

Men soe de suggestje fan it WNT dat *kooi* út it meartal komt foar *koai* oernimme kinne. Dy oannimming kriget faaks stipe fan it feit dat *koai* 'tipelhoutsje; sabeare aai' yn it Frysk in brutsen stamlûd hat yn tsjinstelling ta bygelyks *koai* 'einekoai' of *koai* 'sliepstee op skip'. De brekking kin syn

beslach krige ha yn ‘e meartalsfoarm en doe oergongen wêze op ‘e (yn-earsten minder frekwinte en dêrtroch mear markearre?) ientalsfoarm.

Der is lykwols mei *koai* noch wat te rêden: It hat net allinnich brekking, de fokaal fan it brutsen lûd is ek noch rutsen ([kwa:i]). Sa’n rekking fynt men typysk yn wurden, dêr’t in brutsen *oai* [wai] yn in monomorfematysk wurd folge wurdt fan in schwa. Foarbylden binne *boaiem* [bwa:iəm] en *Doanjum* [Dwa:(^{n})jəm]. Dat wiist der sterk op dat *koai* út **koanje* [kwa:(^{n})jə] ûntstien is yn ‘e meartalsfoarm **koanjen* (troch metanalyze: /kwa:(^{n}))jə/+/ən/ > /kwa:i/+/ən/). Mei oare wurden: yn *koai* stiket feitliks de missende foarm **koanje.*

Tusken **koanje* en it Westereinder *koanjert* soe men noch in hypotetyske foarm **koanjer* oannimme kinne en dat om twa reden. Foarst kin men op sa’n foet makliker de ferbining lizze tusken **koanje* en *koanjert* en oard kin men sa better begripe hoe’t it wurd *kanjer* ‘houten baltsje by it raskertsjen’ ûntstien is. Dat kin troch folksetymology fan **koanjer* kommen wêze. Wurden op *-e* dy’t in ynstrumint oantsjutte, kinne der in *r* by krije nei analogy fan ynstrumintnammen mei it efterheaksel *-er* (*bjinder, swylder, wekker* ensfh.). Foarbylden binne:

(10) houwe, houk(e) - houwer, houker
(túnklau(we) - (túnklauwer

Op ‘e selde wize kin **koanjer* ûntstien wêze út **koanje.* Ik moat der oars fuort by sizze dat men ek sokke pearen hat lykas *hippe* “mûlstik fan piip” - *hippert,* dat in oergongsfoarm **koanjer is* ynsafier net perfoarst nedich. En it is fansels ek net alhiel ûnmooglik dat *kanjer* streekrjucht fan **koanje* of *koanjert* ôflaat is troch folksetymology. Dat alte wis kinne wy fan ‘e foarm **koanjer* net wêze.

Lit ús lykwols ynearsten oannimme dat dy foarm al bestien hat en de basis foarme hat fan it Westereinder wurd *koanjert.* Foar it oanheakjen fan in *t* efter *-er* nei analogy fan it efterheaksel *-ert (sleauwert, rikert, snappert, roppert* ensfh.) binne by ‘t soad foarbylden by te bringen (ferl. Hoekstra 1998, 104-105):

(11) a. stakker - stakkert
rakker - rakkert
keffer - keffert
jekker - jekkert
swabber - swabbert

b. Holl. kikker - Fr. kikkert
Holl. knikker - Fr. knikkert
Holl. klinker - Fr. klinkert
Holl. doffer - Fr. doffert

pûntsjer - pûntsjert
riltsjer - riltsjert
pinker - pinkert

De foarm *koanjert* [kwa^{n}jə(r)t] moat op in stuit gearlutsen wêze ta [kwai^{n}t]. Ferlykje foar it útstjitten fan ‘e sjwa yn it lêste wurdlid:

(12) goaien(t) [gɔin(t)]
boaiem [bwaim]
Doanjum [dwaim] (Winkler 1898, 67: *„Doainjum* (nog meer verbasterd als *Doaijem,* schier als *Dwaim* uitgesproken ...)”)
Goaiengea [[gwaiŋgI.ə] (Winkler 1898, 129: “schier als *Gwaingea* uitgesproken”)

Troch it gearlûken fan *koanjert* kaam in nasaal lûd [ai^{n}] yn in posysje te stean dêr’t soks gewoanwei net mooglik is (lûd + *n* > nasaal lûd foar frikativen, net foar in eksplosyf lykas *t).*

De gearlutsen foarm fan *koanjert,* [kwai^{n}t], koe no op twa menieren yn ‘t lyk brocht wurde mei de fonotaksis fan it Frysk. Foarst koe de nasalens fan it stamlûd gewoan oerjûn wurde. Soks late ta foarmen as *kwait, koait* en *kweit.* Ut de ferlytse foarm dêrfan, *koaitsje,* koe troch metanalyse in nije grûnfoarm *koaits* ûntstean.

Oard koe de nasaliteit fan [ai^{n}] om sa mar te sizzen weromynterpretearre wurde ta in *n.* Dat hat foarmen lykas *kwaint* en *kweint* opsmiten. Y. Poortinga fernijt yn ‘e niisneamde opjefte yn it WFT-materiaal dat er de kwestje mei J.J. Hof bepraat hat en dat dy it der foar hâldt dat de *n* yn sokke foarmen anorganysk is en dat *kwaint* út *koait* ûntstien is lykas *mient* út *miet.* In ferklearring dy’t dêrfan útgiet dat de *n* in oerbliuwsel is fan ‘e nasalens yn ‘e grûnfoarm *koanjert* giet der hjir mei, tinkt my. Nijsgjirrich is wat Kalma (1970, 25) seit oer *kwaint:* “It is yn de doarpen Ikkerwâld-Damwâld *kwaint* mei in *ai,* dy’t dêr oars foar de *n* net foarkomt en dat soe der op wize kinne, dat it wurd dêr fan bûten ynfierd is”. It liket my wierskynliker ta dat de *ai* yn dy plakken foar de *n* bedarre is troch it gearlûken fan ‘e oarspronklike ‘folle’ foarm *koanjert* en doe ynearsten sa bewarre is. Op oare plakken kin de *ai* oanpast wêze oan ‘e wenstige útspraak fan ‘e <ei> (foar *n*).

Hoe’t foarmen lykas *kwin(t)* en *kwyn(t),* dy’t allegear komme fan Kalma syn wifelige Geastmer ynformant, mei de boppeneamde foarmen gearbrocht

wurde moatte, wol ik hjir net oer spikkelearje. Faaks dat in yngeandere enkête nochris útslútsel jaan kin oer de krekte status fan dy foarmen.

Fach Friesische Philologie
Christian-Albrechts-Universität
Kiel

LITERATUER

Doornkaat Koolman, J. ten (1879, 1882, 1884) *Wörterbuch der ostfriesischen Sprache.* Braams, Norden.

Halb., Lex. = J.H. Halbertsma, *Lexicon Frisicum A-FEER.* Nijhoff, 's Gravenhage.

Hoekstra, Jarich (1998) *Fryske wurdfoarming.* Fryske Akademy, Ljouwert.

Kalma, J.J. (1970) 'Tipeljen - biskriuwing fan in âld folksspul'. Yn: *Folkskundich Jierboek III,* 7-55.

Kalma, J.J. (1970) 'Raske(r)tsje - in jongesspul dat ferlern gien is'. Yn: *Folkskundich Jierboek III*, 71-73.

Laan, K. ter (1952[2]) *Nieuw Groninger Woordenboek.* Noordhoff, Groningen-Djakarta.

Sikkema Sr., K. & K. Sikkema Jr. (1954) *Zwaagwesteinde. Het ventersdorp op de Friese heide.* Wever, Franeker.

Winkler, Johan (1898) *Friesche Naamlijst (Onomasticon Frisicum).* Meijer & Schaafsma, Leeuwarden.

WFT = *Wurdboek fan de Fryske Taal/Woordenboek van de Friese Taal.* Fryske Akademy Ljouwert (1984-).

WNT = *Woordenboek der Nederlandsche Taal.* Nijhoff, Sijthoff, Stemberg, 's Gravenhage en Leiden (1882-1998).